

Drs. Hoekstra: 'Frysk en Frij net ynruilje'

FNP-foarsitter ropt op ta stipe oan Frysk wykblêd

HEECH - „Land Art yn it Noarderleech? En in museum foar moderne keunst yn Fryslân? Neat op tsjin, foar sels, mar soks kin net troch dat yn te ruiljen foar Frysk en Frij.” Mei dizze útspraak, sneontemiddei op de nijjiersgearsit fan de Fryske Nasjonale Partij yn Heech, kritisearre FNP-foarsitter drs. Anne Hoekstra it belied fan de PvdA-deputearre drs. Johanneke Liemburg. „Krekt no't Frysk en Frij in blêd fan kwizekwânsje wurdt, wurdt de strop omdraaid,” sa heakke Hoekstra deroan ta.

De FNP-foarsitter skôge yn syn nijjiersrede foar in seal fol minsken yn it Heechhûs de minne sitewaasje fan de ekonomy yn Fryslân, en it efterûthelpen troch it belied fan gâns dingen, dy't de kwaliteit fan it bestean útmeitsje: de wurkgelegenheid, it ûnderwiis, de Fryske taal en kultuer. De grutste tsjinstanners fan in goede, evenredige ûntjouwing yn Fryslân bliuwe neffens Hoekstra de „Hollandosentristen.”

Alternatyf

Hy mocht dan kritysk wêze oangeande ûntjouwingen bûten de FNP, hy sparre syn partij sels de krityk ek net. De FNP is dat neffens him wurdich, omdat dy partij in goed alternatyf biedt,

hoewol't it wol faken nedich is dat alternatyf mei it mes tusken de toskten te ferdigenjen. Hy woe hawwe, de mear as tûzen leden fan de FNP soenen harsels ynsette om de tinkbylden fan de partij út te dragen. De partij heart dêrby út te gean fan in heldere strategy, dy't moed jaan kin de takomst ûnder eagen te sjen.

„Wy kinne,” sa sei drs. Hoekstra ek, dan net ta mei in Januskopeftige presintaasje yn de eagen fan oaren.” Om ta in goede analyse te kommen is it, sa tocht er, goed om „ús sitewaasje te analysearjen as in efterstânsitewaasje.” Fanút dat begripen soe de FNP solidêr wêze moatte mei groepen yn deselde sitewaasje, mei minderheden fier fuort en ek te uzes. En dan sille FNP'ers ek net mear stroffelje oer bysaken, neffens de foarsitter.

Wethâlder Douwe de Boer fan Dongeradiel hâlde in koarte rede oer miljeu, natûrbehâld en ôfjet-problematyk. Hy pleite foar it skieden ynsammeljen fan ôffal. Gemysk ôfjet, hoe'n lyts bytsje as it ek om giet, heart net by de gewoane hussmoargens. „It kin net, it moat net, en in goede FNP'er docht it net,” neffens De Boer.

Sulveren fyts

Lykas al jierren wenst is, waard ek op dizze nijjiersgearsit fan de partij wer de sulveren fyts útrikt. Hy wie ditkear foar de 21-jierrige

Iede Syszeling út Skearnegoutum. Hy hat oant no ta yn syn libben al 111.000 kilometer fytst. De ôfrûne simmer hat er mei syn freonen Arie en Herman Homan (út Waalwijk en Snits) fan Surch nei Zürich yn Switserlân fytst en werom, dêrnei nei Parys, en doe noch meidien oan de saneamde hûndert cols-tocht, in rit fan 4000 kilometer oer hûndert bergen yn Frankryk. Foldwaande reden foar de FNP om him ta dé fytser fan it jier 1986 te meitsjen.

Tusken de bedriuwen troch soarge Tsjirmerij foar muzyk. De jûns koenen de oanwêzigen har fermeitsje by in optreden fan de Snitser skotsploech.